provinsje fryslân
provincie fryslân

postbus 20120
8900 hm leeuwarden
tweebaksmarkt 52
telefoon: (058) 292 59 25
telefax: (058) 292 51 25
www.fryslan.nl
e-mail: provincie@fryslan.nl

provinsje fryslân

CDA Steatefraksje
G. Benedictus en F. Kuipers
Twibaksmerk 52
8911 KZ Ljouwert

Ljouwert, 21 september 2005
Ferstjoerd, 23 SEP. 2005

Ús merkteken	:	611529
Ôfdieling	:	KTU
Telefoan	:	058 - 2925602 / Th. Willemsen
Jo merkteken	:	--
Bylage(n)	:	2

Underwerp:
Fragen oer in kanon foar it ûnderwiis

Achte CDA fraksje,

Minister Van der Hoeven hat op 31 augustus de saneamde "Commissie Ontwikkeling Nederlandse Canon" (de kommisje) ynstallearre. De opdracht oan de kommisje (mei prof. dr. F.P. van Oostrom as foarsitter) is te kommen ta in "Nederlandse Canon" en dizze kanon foar 1 septimber 2006 oan de minister beskikber te stellen.
Jimme hawwe nei oanlieding fan dizze taakopdracht trije fragen steld. Yn de ûndersteande tekst sille wy dizze fragen beänderje.

1. *Wurdt de Fryske kulturele identiteit ek meinommen troch de earder neamde kommisje?*

De minister hat de kommisje in iepen opdracht jûn, dêryn lit sy de ynfolling fan de kanon oer oan de kommisje. De kommisje hat al oanjûn dat sy graach yn in iepen debat mei alderhande persoanen en organisaasje de kanon formulearje wol.

2. *As dat net sa is, hokker stappen docht it Kolleezje dan om te soargjen dat de skoalbern yn Fryslân wol op de hichte komme fan de Fryske Kulturele identiteit en erfskip?*

Wy sille de kommisje freegje om yn oerlis mei it Fryske ûnderwiisfjild en alderhande kultuerele ynstellings yn de ûnderwiiskanon ek romte te realisearjen foar de Fryske kultuer en skiednis.

3. *Wol it Kolleezje sels ek opdracht jaan ta it meitsjen fan in eigen Fryske kanon?*

Nee, sjoen de ynhâld fan ús belied yn kombinaasje mei de beskikbere middels en amtlike kapasiteit dy 't nedich is foar de útfiering fan dat belied, hat dit gjin prioriteit.

Mei achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. E.H.T.M. Nijpels , foarsitter.

mr. J. Wibier , sekretaris.